


3-2-79

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

REDAKSJE: Wyke Blanksma-v.d. Witte, till. 9487

Sytske Dijkstra-Bouwuis, ,, 2968

Rients van Buren, ,, 9280

Martén Kikstra, ,, 9269

Jan Dijkstra, ,, 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Ineke Dijkstra-v.d. MeerOMSLACH: Albert van Lingen Jr., LjouwertREDAKSJEADRES: Sylroede 5BANKRELAESJE: Rabobank Bolsward; gironr. 856.829 t.n.v.

Rabobank Bolsward, rek.nr. 3087.56.800 t.n.v.

It Skieppesturtsje, Tjerkwerd.

FOARWURD:

Nei in lange, wite en kâlde winter, hwer't jimme yn dit krantsje noch hiel hwat oer lêze sille, is it dochs wer maitiid wurden.

Foar inkelden in bange tiid, foar in protte in drokke, mar foar elts dochs wol in gesellige tiid.

Wy witte nou allegear hwat Radio Fryslân is, en kinne der sels it "witboek" op nei slaen.

Mar de snie hat wer plak romme foar de snieklokjes en fansels ek foar de ljippen. De aesisikers binne allang wer los en hawwe ek by Tsjerkwert al hiel hwat aeijen foun. Ek wapperje hjir en dêr alwer gerdinen oan'e linen, dat de warbere froulju binne ek alwer yn aksje.

Wy hoopje in fijne maitiid tomjitte to gean en tinke jimme ek efkes oan in bydrage?

As jimme kopy hawwe, dan graech foar 1 juny ynleverje by ien fan'e redaksjeleden.

Berichten van de Dorpsomroeper:

Na mijn laatste berichten van jl. begin febr. is er al weer het een en ander geschied; om te beginnen vooral de Verbroedering in ons dorp! Aangaande de bizarre weersomstandigheden en de sneeuwstormen op 14 en 15 febr. jl. en wat er op volgde, toonde dan ook aan, dat in tijden van "nood" rang en stand zich metelkaar verbroederden. Het was hier dan ook in ons dorp te merken. Jan en Alleman sprak met Jan en Alleman.

Het is overigens opmerkelijk, hoe sommige mensen volledig in paniek raken bij zulke uitzonderlijke omstandigheden, alsof zij verwachten, dat de winter tot half mei zou voortduren.

Zelfs een nogal bezorgde vriend van mij in het westen des lands, belde mij in die dagen op en vfoeg als het waar was, dat hij gehoord had, dat wij hier geen brood en vlees meer konden krijgen en uit bittere nood aan onze huisdieren waren begonnen. Wel heb ik hem terstond hierop geantwoord, dat wat het eten betrof, het nog wel mee viel, maar dat wij vaak om ons huis te verlaten, gebruik moesten maken van onze schoorsteen, met alle gevaren daaraan verbonden. Niet te geloven, zei mijn vriend aan de andere kant van de lijn en wenste ons dan ook veel sterkte en moed toe.

Maar alles gaat voorbij en dat was ook met deze weerbarstige winter; het geval en mensen vergeten nu eenmaal snel en de kievitseieren worden al weer geraapt, het gaat de goede kant weer op!

Wat de Tainwedstrijd 1979 betreft, het volgende:

Voortaan iedere maand keuring; waarschijnlijk uitbreiding van het wedstrijdgebied. Bekendmaking prijzen: omstreeks met de a.s. Dorpsfeesten in aug. Allen, die dit jaar dan ook weer meedoen:

Veel succes toegewenst en het is weer geheel kosteloos!

+++++++

Verbaasd vroeg ik mij jl. zondag 1 april af, toen ik de kerk betrad: "Waar zijn die mensen uit het Westland en ik de mensen links en rechts van mij vroeg, kwam ik tot de beschamende ontdekking, dat het 1 april was! Weken voordien had ik mij er al op verheugd dit mee te maken, maar helaas, ik had het kunnen weten.

Verder zijn er nog verschillende waardevolle ideeën binnen gekomen, en die dan ook een kans verdienen, nl. van oprichting van Figuurzaagclub tot het organiseren van een vaste wandelroute toe.

En waar ikzelf ook geheel achter sta, vooral die tot oprichting hier ter plaatse van een commissie ter bevordering van het gebruik van Gemeente Pils.

In het volgende no. de eerste toeristische Prijsvraag uit Friesland.

Allen de Hartelijke Groeten
van de Dorpsomroeper.

/o/o/o/

It is al wer in skoftsje lyn, dat wy ús hjir ta wenjen set hawwe.

Miskien kenne jim ús al, hwant der binne in protte minsken west op de moetingdjoun yn desimber en koartlyn op de iepen dagen yn skoalle.

Dochs woene wy ús ek graech lâns dizze wei efkes foarstelle.

Us bern, Matthijs (5j.) en Rogier (hast 3j.), hawwe it krekt as ús tige nei it sin yn Tsjerkwert. Wy hoopje dan ek in moai skoft yn jim formidden bleauwe to kinnen.

Groetnis,

Klaas en Klaske van der Weg.

=== STAND ===

Halve Biljartcompetitie - seizoen '78-'79.

	Gesp	Gew	Verl	Car	Gem	Gem. v.j.	Pnt
S. Hiemstra	14	11	3	315	0.57	0.53	22
A. de Haan	14	10	4	794	1.60	1.36	20
F.D. de Boer	14	10	4	733	1.28	1.22	20
E. Wijngaarden	14	9	5	448	1.00	0.80	18
M. v.d. Wal	14	8	6	684	1.41	1.18	16
D. Bakker	14	7+1R	6	748	1.30	1.32	15
J. Blanksma	14	7+1R	6	1302	2.10	2.21	15
D. Walsma	14	7	7	275	0.56	0.49	14
J. Reidsma	14	6	8	563	0.90	0.93	12
J. v.d. Stap	14	6	8	254	0.36	0.49	12
R.G. de Jong	14	6	8	531	0.80	0.98	12
H. de Boer	14	6	8	907	1.44	1.66	12
M. Brandsma	14	5	9	288	0.52	0.57	10
Y. Bolta	14	3	11	329	0.51	0.65	6
B. Volbeda	14	3	11	785	1.24	1.68	6

IJscclub Tjerkwerd

Estafette-wedstrijd voor leden vanaf 16 jaar, gehouden op donderdagmiddag 4 jan. 1969.

Er moest veel sneeuw op de trekvaart aan de kant gescho-
ven worden, voordat er een wedstrijd georganiseerd kon
worden. Maar met hulp van vrijwilligers hadden we toch
een betrekkelijke goede wedstrijd baan. Tezamen waren er
19 parturen.

Er kon maar één keer geschaatst worden, daar het anders te lang zou duren. Ook waren er mensen bij, die zich wel opgegeven hadden, maar niet aan de start verschenen. Dit is erg vervelend en geeft onnodig oponthoud. Het was een geweldige wedstrijd, waarvan de prijzen (waardebonnen f 20,--, f 15,-- en f 10,--) gewonnen werden door:

- 1e. Hette Bakker, mej. Klaske Postma, Auke de Haan.
- 2e. Jan Blanksma, mevr. Geertje Poelstra, Hein Gietema.
- 3e. Tjalke v.d. Meer, mej. Tetje Bakker, Fokke Gietema.

.-.-.-.-.-

Vrijdagmiddags 5 jan., dus de volgende dag, een estafette voor meisjes en jongens van 13 jaar - 15 jaar.

De prijzen, medailles, gingen naar:

1. Sjoerd Bakker, Hilda Poelstra, Gerhard de Lange.
2. Jaap van Lingen, Janny Gietema, Wiebe Huitema.
3. Richard Schakel, Anneke Goeman, Evert Bakker.

.-.-.-.-.-

Zaterdagavond 6 jan. hardrijderij voor jongens en mannen vanaf 16 jaar om het Kampioenschap van Tjerkwerd.

Tevens de wedstrijd om de D. Walsma-beker, die het laatst gewonnen werd door Jouke Tolsma in 1970.

Er werd dan ook door de 32 deelnemers verbeterd gestreden. Zo ook de al wat ouderen onder ons (± 50 jr.) durfden het op te nemen tegen de jongeren. Geweldig, wat een sportiviteit! Er werd 2x gereden: een keer van het dorp en een keer naar het dorp. Doordat er nogal wat kampritten bij waren, werd het laat in de avond tot de uiteindelijke beslissing viel.

De winnaar werd: JAN BLANKSMA.

- 2e. Henk van 't Zet, 3e. Ids Schukken,
- 4e. Bertus Walsma.

De heer B. Hof is op al deze wedstrijden de starter geweest, wat hij voortreffelijk deed.

Ook de inzet van de ijsclub-bestuursleden is geweldig geweest. Daarvoor onze hartelijke dank.

Jammer, dat de sneeuw zo'n spelbreker is geworden, want er waren meer wedstrijden gekomen.

Droog-training te Makkum:
=====

Deze training is voor jongens en meisjes van 12 - 15 jaar.
Eens in de 2 à 3 weken oefenen ze op de ijsbaan te
Heerenveen. Hieraan doen mee:

Menno Poelstra, Baukje Gietema, Bea Gietema, Freddy v/d Stap.

Kampioenschap van Wonseradeel te Makkum, voor meisjes van
13 - 16 jaar:

Hilda Poelstra veroverde een 3e prijs in de B-groep;
Klaske Postma ,, ,, 3e prijs ,, A-groep.

Zaterdag 3 febr. werd er voor de schoolkinderen uit
Wonseradeel - 5e en 6e klas - een wedstrijd gehouden.
De plaats was achter de Kop van de Afsluitdijk, waar een
mooi stuk ijs lag.

Er hebben 7 kinderen uit ons dorp aan meegedaan. Het is
dan ook een geweldige prestatie, dat 2 meisjes met een
prijs thuiskwamen. Deelname: 120 kinderen.

Baukje Gietema een 2e prijs;
Bea Gietema een 2e prijs.

T.H.

~~~~~

De K.P.J. organisearret foar alle Tsjerkwerkers  
en omkriten in feestjoun op 2de Peaskedei,  
dus 16 april.

Wy noadigje jim hjirby allegear út en hoopje,  
dat it in gesellige joun wurdt.

K.P.J. Boalsert.

!!!!!!!

Bijdragen binne kommen fan:

G. Fabrick, Sylroede; Y. Witteveen, Beabuorren;  
J. Reidsma, Waltawei; D. Hiemstra, Wieringerwerf;  
G.K. v.d. Berg, Iemswâlde.

Op 18 febrewaris, yn 'e joun  
hat Radio Fryslân ekstra syn ein foun.  
Doe ûntstiene dizze gedichten  
fan in ûngekinde hichte.  
De snie hat ús dizze jeften joun.

---

Der wie ris in féboer yn Ie  
dy koe net fan 't sté troch de snie.  
"Ha lokkich, tiid foar Radio Fryslân,  
yn barre tiden de stipe fan stêd en lân",  
wie syn bliid biskie.

Renkema rôp: "Noch gjin hege need, noch gjin hege need".  
De fleanbasis lykwols sei: "Dat dondert ús gjin skeet".  
Mei twa heli's en in wrak toutsje der op los,  
mar nou is wol de boer de klos,  
hwant de tank leit mei in fikse dûk op 'e reed.

De troepen voor de Libanon waren nu al paraat.  
't Is een goede oefening wat dat aangaat,  
's Avonds werd er driftig met thuis gebeld  
en over het landleven in Friesland verteld;  
"Moeder, 't is niet best als uw zoon straks voor nog heter  
vuren staat!"

Haitsma fan de Wegenwacht, nei fiif dagen in sibbe freon,  
waerd nei alle "wederwaerdichheden" ta dizze útspraak drean.  
"It binne minskên men kin dus alles forwachtsje,  
se litte har byneed ym de auto oernachtsje,  
by sommigen is de help lykwols by in bibeltekst bleaun".

Ut 't Heidenskip mei trekker en wein  
wie it nei Warkum net sa'n ein.  
"Hjir in dikke taert," sei de bakker,  
heden, hwat sjochstou der klomsk út stakker,  
mar fan de snie binne jimme net ridderslein."

Kening Winter hat hjir syn keninkryk stichte  
en Van Agt biseach ús lân út 'e hichte.  
"Er mogen geen faillisementen vallen,  
vooral niet bij boeren met loopstallen".  
wie it biskie, dat ús herten forlichte.

Yn Fryslân eltsenien oan 'e lep  
jong en âld sette him skrep.  
Neffens Den Haech wie 't mei ien dei dien  
en hie it hjir mar amper snien;  
de sniedunen wiene mar nep.

Ek Iemswâlde hie mei snie to krijen.  
Foar de boer in bulte lijen.  
De hiele reed siet dik yn 't pak,  
minsken, minsken, hwat in ûngemak.  
Lokkich kaem it leger to bifrijen.

Ek op Rytseterp wie it yn'e war  
de molke fuort wie harren kar.  
De boeren fan mechanisaesje sêd,  
hawwe har mei lytse molktanks ret.  
Sa kaem it fabryk wer oan bar.

Dy sneins wie it glibberich en glêd  
En eltsenien is sljurkjend nei tsjerke set.  
Wibe en Doutsje kamen op'e fyts,  
foar de auto wie it paed to lyts.  
't Hillich Nachtmiel wie mar heal biset.

Yn it lân fan wolken, wyn en wetter  
wie it waer in pear dagen op'e kletter.  
Nou in ramp mei dat hjir net wêze  
dat radio Fryslân oars neat dwaen as birjochten lêze.  
Dêrtusken troch houden Rients, Hessel en Roel de fleur  
deryn  
en hearden wy winterjounenocht út it skiere forline.  
De boeren hiene de measte lêst,  
ynwaeide pleatsen en folle tanks, dat wiisde net sa bêst.  
Heli's, militairen en binammen eigen folk der oer to set,  
sa hawwe der mei man en macht mei ret.  
Sels út Den Haech wiske it efkes tige slim  
hwat wiene wy bliid mei de redder van het Heiteland syn  
stim

"Bedrijven mogen hierdoor zeker niet failliet gaan."  
Kommintaer fan Sake Heidstra: gaan daar maar aan staan.  
Ornaris wie it sizzen hjirr 't koe minder, 't koe minder,  
en dêr binne wy greatsk op, blinder!

## INGELSKE LES .....

• We hawwe ús twadde winterskoft "English" al wer efter de rêch.

Sa't it nou stiet, geane we der yn septimber nochris in healjier tsjinoan.

It simmerskoft lâns, hâlde we om de pear wiken in lêzjoun.

Groep I (foar gefoarderden) en groep II (foar fierder gefoarderden) bisteane út resp. 8 en 9 minsken.

By genôch dielname start der yn septimber wer in kursus foar bigjimmers.

Tink der noch mar ris oer nei!

R.Sp.

~~~~~

Bejaardensoos Tjerkwerd-Dedgum:

Het bezoek aan Parrega kwam een maand later dan gepland was, nl. op 14 maart l.l. De winter, die Atje Keulen-Deelstra zoveel roem gebracht had, speelde ons parten. Maar 14 maart kon ze ons vertellen van haar schaatscarrière, konden we zien, dat je een geweldige vechtlust en incasseringsvermogen moet hebben om het zover te brengen.

De middag was een succes, niet in het minst door de gezellige ontvangst in Parrega. Op deze middag werden we allen uitgenodigd door het bestuur van de soos uit Bolsward, om 25 april a.s. naar Bolsward te komen, waar de heer Baarda voor ons op zal treden met zijn programma over kinderhumor.

Maar eerst hebben we op 11 april a.s. nog een middag in It Waltahûs te Tjerkwerd om kwart over twee; de gymnastiek is dan van half twee tot kwart over twee. Deze middag heeft de heer Rozenstok uit Dedgum nog een paar mooie filmpjes voor ons om te laten zien.

Dus zegt het voort en tot ziens in It Waltahûs te Tjerkwerd.

De Commissie.

~~~~~

Nijs fan Doarpsbilang:

Nei in lange barre winter, bloeije de krookjes wer en wy wolle jimme tige bitankje foar jimme ynset om doarpsgenoaten siefrij to krijen. De help wie, sa't dy yn in lytse mienskip heart to wêzen.

Op moandei 5 maart hawwe wy in moaije joun hawn oer de flearmûzen yn'e tsjerke. Dr. Voute joech in útliz, dy't foar eltsenien to bigripen wie. It hat ús tige goed dien, dat der safolle minsken op takamen; der wiene krapoan 140 minsken.

Ta korrespondent fan it Boalserter Nijsblêd is bineamd: de hear Wim Steggerda, Sylroede 15. By him kinne jimme torjochte mei nijs etc.

Wy hawwe de Inspiraaknota Alternatieven biwurke weromkrigen. Op moandei 2 april wie der in hearing yn Snits, hwert twa bistjûrsleden hinne west hawwe. Dêr waerd troch inkelde deputearren taljochting jown oer ien en oar.

Meikoarten sil de direkteur fan gemeentewurken, de hear P. Venema, mei it bistjûr, oer Tsjerkwerter winsken praet wurde (nijbou, bistrjitting etc.).

It bistjûr.

---

Na een afwezigheid van 4 mnd. wegens ziekte, mocht ik dan op Eemswoude terugkeren.

Graag wil ik van de gelegenheid gebruik maken, ook namens mijn kinderen, een ieder te bedanken, die mij een hartelijk welkom thuis toewens-ten, door bloemen, fruit, kaarten, kado's en bezoek.

Hierbij willen we niet vergeten, mevr. Volbeda-Baarda, die mij op een voortreffelijke wijze begeleidde naar het ziekenhuis en daarna bij mij thuis alles regelde.

Hiervoor onze oprechte dank.

Mevr. E. Langenkamp  
Eemswoude 1  
Tjerkwerd.

---

't Wie 14 febrewaris, moarns seis ûre en ik sette nei Harns ta, net tinkende dat it waer sa min wie. Men seach dan ek neat troch it snijen, it wiskjen en de bisleine ruten. Nei in protte tûkelteammen, wie ik dan om 7.40 ûre op 'e Kop fan de Ofslûtdyk.

Doe hie ik it earst wol bisjoen en ik sette my der del foar in lekker bakje kofje. It wie tige gesellich, as ienichste fan it froulik geslacht tusken alle frachtwein-sjauffeurs, dy't ek strandden wiene.

It wie 12.40 ûre doe't ik op it plak fan bistemming oankaem yn de plysje-auto, tige bitanke ha'k de hearen fansels. Underweis kamen we wol tsien auto's tsjin, dy't stykjen bleaun wiene.

Hwat in ienheit ha wy yn dy dagen field, echt âlderwetsk  
gesellich.

In wike letter kaem ik wer foar it earst yn Tsjerk-  
wert, alles wie noch wyt fan de snie. Ik gong efkes nei  
Kade 10 nei Gerben de Jong en syn frou. Ik rôp: "Ik gean  
earst efkes nei de garaezje, nei de trêpyske waermte."  
Ik bin dêr op in stoel sitten gongen en haw in hiel skoft  
nei de volière sitten to sjen.  
In lust foar't each, allegear fûgeltsjes en hintsjes.  
Ik seach sebrafinkjes mei pykjes. Ien hie 7 pykjes, de  
oare siet noch op de aeikes to brieden.  
Fierder wiene der jonge parkiten, foarteldouwen en  
spitssturtsjes en diamantdoukes.

Doe't ik dêr sa siet to sjen, tocht ik, hwat giet  
it ek fan it iene uterst yn it oare. Forline wike sa min,  
hjierrallegear waermte, fleur en jong libben.  
'k Winskje de famylje de Jong ta, dat se noch lang fan  
har fûgeltsjes en hintsjes genietsje meije.

In groet fan Rinske

"Seilstien"

!!!!!!!!!!!!

=====

=====

Oan allegearre, ek nammens Hein,  
ús hertlike tank dy't my bitocht  
ha mei it greate oantal post,  
de bisites, blommen, fruit, kado's  
en tillefoantsjes, dy't ik by myn  
forbliuw yn it sikehûs en mei myn  
thúskomst, ûntfongen ha.

Akke Gietema-van Wieren

"Rytseterp"

=====

=====

## ORANJEVERENIGING:

Even een klein stukje over de komende feesten:

30 april doen we weer in samenwerking met de sportkommissie.

De zomerfeesten zijn vastgesteld op vrijdag 10 en zaterdag 11 augustus.

Dit jaar geen grote optocht; wel voor de schoolkinderen.

Vrijdag, zoals we gewend zijn, kaatsen, volleybal en kinderspelen.

Voor 's middags moet nog iets worden uitgewerkt.

's Avonds de eerste twee spelen voor de zeskampploegen:

vragen quiz en iedere ploeg moet weer 5 à 10 min. vullen.

Nadere instructies volgen te zijner tijd.

Dansen na met "De Tizebosken" uit Bolsward.

Zaterdag "Matinee" ook met muziek van "De Tizebosken".

's Middags komen dan weer de 6 zeskampploegen in aktie.

Ook het fierljeppen staat weer op het programma.

's Avonds 9 uur komt het orkest "Early bird" uit Oldeboorn.

Niet alleen als dansorkest, maar ook als orkest om naar te luisteren, kunnen oud en jong genieten van deze groep.

Nadere berichten volgen te zijner tijd.

I.G.

0000000

Hwat Jo yn ien winter tsjin komme kinne .....

Nei in moai lange hjerst wie it hast yn ien kear winter wurden; hast fan simmer op Sinteklaes. Doe in pear lytse winterkes to prebearjen en sa wie 't krysttiid mei âld en nij. Mar krekt as soe it doe ek goed wêze.

Aldjier, it wie kâld en it waeide hurd, en hwat in trelit, de c.v.-kachel wie útwaeid en it waerne wetter wie nou stiif en kâld, mar mei gas- en elektryske kacheltsjes en de "luchtverhitter" út it bûthús foar de keukendoar, binne wy âld en nij trochskarrele.

Foar dizze kachelhelp nochris ús hertlike tank.

Mar de tiid giet troch en it libben sljuket stikem fierder mei syn gewoane ûngemakken fan hwat snie en iis.

Oant ik op in moarn yn 'e rekken krige, dat de kij sels oan 't melken wiene, mar dit kaem net klear. Ien hie myn plak ynnommen en twa oare stiene yn de lytse opfangput en hiene in slim min plak.

Mar wer efkes by de buorlju oanklopje. Dochs fiif pear warbere hannen koene hjir neat oan bigjinne.

Haarsma's trekker hat doe útkomst brocht. Ek hjirfoar, ik wit net better, ús hertlike tank! Doe noch in nije ynstallaasje deryn en om 10 úre koe ik wer melke.

Mar nei dizze komme mear en gelokkich ek gewoane dagen, oant de snie dizze winter wol ta in hiel heech hichtepunt tabrocht.

Gelokkich bleau doe de kachel waerm en de bistkes toplak, mar de help, dy't wy doe krigen hawwe mei dat strieminne waer op tongersdeit middei en ek letter, steane wy noch forsteld fan.

En doe't jimme wer fuort gongen mei in bêst sin, in bakje kofje mei koeke en in tankjewol, ha wy tsjin elkoar sein: "Nou sjitte wy einliks meters tokoart."

Mar wy wiene sa gelokkich mei al dat wurk, dat dien wie en ek dat dat samar koe.

Wy wolle nochris tige tankje foar al dizze help.

Nou binne wy dwaende om al dat wetter kwy't to wurden en nei't it liket, sil dat ek wol slagje. Dat wy soene sizze, wy gean der mei moed op ta.

Jehannes en Cily.

!!!!!!!

#### BOARGERLIKE STAN

Yn it ôfroune tiidsbistek waerd by Theo en Thea Haarsma, op Jonkerhúzen, lytse

PETRONELLA ANNA berne. Sy is nou it trodde bern fan Theo en Thea.

Gosse en Coby Hofstra, fan'e Waltawei,  
waerden forblide mei in soan. Syn namme is:

JACOB

Broerke Jan Germ is och sa wiis mei him.

Gerrit van der Wal en Ieke Bakker sille op  
tongersdei 19 april trouwe. Gerrit en Ieke  
krije in hús yn Tsjerkwert en wol op  
Singel no. 13.

~~~~~

Nieuws van de sportvereniging:

Sinds de vorige "Skieppesturt" is de opkomst bij de gymnas-
tiek weer verbeterd, zodat alle lessen kunnen blijven door-
gaan.

Wêl veranderen op verzoek van de gymleidster de tijden
enigszins. Per 1 april beginnen de lessen om 19.00 uur,
i.p.v. 18.30 uur en de overige groepen schuiven dus ook een
half uur op.

Dit is maar voor een maandje, want eind april stoppen we
met de gymnastiek om dan in september weer van start te gaan.

De uitslag van de in februari gehouden dorpen-kompetitie
voetbal in de sporthal in Makkum, is als volgt:

1. Exmorra met 10 punten
2. Gaast met 7 punten
3. Tjerkwerd met 5 punten
4. Parrega met 2 punten.

De ledenvergadering wordt gehouden op donderdag 12 april a.s.
in "It Waltahús". Houdt u er even rekening mee?

Verder nog het volgende:

Het begint zo langzamerhand een traditie te worden, dat
de sportvereniging, in samenwerking met de oranjever.,
het programma van koninginndag organiseert.

Dat is dit jaar ook weer het geval en de dagindeling ziet er ongeveer als volgt uit:

's morgens kinderspelen, volleybal en kaatsen;

's middags, jeugdvoetbal.

En 's avonds om kwart voor acht brengt "De Krite" van Beetsterzwaag het toneelstuk in 3 bedrijven:

"Specialiteiten fan it hûs".

Na afloop hiervan, is er dansen op muziek van

"De Jaffro's".

Het sportprogramma van het komend seizoen, kunnen we u hier nog niet geven, omdat dit nog behandeld moet worden op de a.s. ledenvergadering.

Het bestuur.

(())(())(())(())

i Isolement, relaas van een
tijdelijk geïsoleerde huisvrouw:

Wat ga je zoal doen, wanneer je door ziekte al een kleine week niet van huis bent geweest en dan tot overmaat van ramp, ook nog eens geïsoleerd raakt.

Door de vorst heb je al extra drukte met de waterleiding, want, o wee, als die ook nog bevroren raakt!

En dan, wanneer er kleine kinderen aanwezig zijn. Het is te koud om buiten, omdat ze pas ziek zijn geweest.

De kleurboeken, prikkarten en speelgoed, zijn ze beu.

Wat dan? De kussens van de bank, maar over de vloer en maar springen. Blijven ze meteen goed warm, want, o wee, je stookt je arm met die oostenwind en kunt het amper warm krijgen.

Gelukkig blijft het elektrisch er op, anders zit je met een centraal verwarmd huis voorgoed in de problemen.

Voor het eten wordt de diepvrieskist aangesproken.

Fijn dat je zomers goed wat groente in kunt vriezen en natuurlijk de broden en koekjes blijven er ook goed in. De melk halen we nu maar bij de buren, want die zitten toch te popelen om hun tank leeg te krijgen. Dus met eten en drinken hoeven wij ons geen zorg te maken.

Maar ja, de kinderen zijn uitgedanst. Wat dan? De pickup-touwtjes van zolder en aan het vlechten; deze komen van 't zomer wel weer van pas of misschien verkopen? Want touwen zijn duur als je ze uit de winkel moet halen. Natuurlijk geeft het wel veel rotzooi in huis, maar de dag vliegt om.

De volgende dag is het oefenen op een muziekinstrument, wat je toevallig nog in huis hebt.

Telefoneren gaat niet, want de lijn is toch overbezet.

Heeft u het gemerkt, hoe vriendelijk de mensen tegen elkaar zijn? Zou dit over een paar weken nog zo zijn?

Gelukkig is het niet zo koud meer buiten, dat wat een pret om buiten te spelen. Maar moeder in huis heeft het nog drukker. De een na de ander komt kletsnat en verkleumd in huis en wil na een uurtje weer met alle geweld naar buiten.

Gelukkig wordt de sneeuw aan de kant geschoven om plaats te maken voor melktank e.d. Het gebeurt dan nog wel eens, dat een ander de sneeuwbuil voor de deuren krijgt en er met auto amper uit kan. Jammer toch! Nu dan maar met z'n allen aan de schop, is het niet? Zo vliegen de dagen om.

Tot uiteindelijk we weer eens van alles in huis kunnen halen. Want de voorraad is natuurlijk wel geslonken, wanneer je een 14 dagen niet inkopen hebt kunnen doen.

=====

De winter fan '79 sille we net gau forjitte.
De swierrichheden sille ús net maklik ûntsjitte.
Mar krekt sa as it sprekward: "Als de nood 't hoogst is,
is de redding nabij," al seit,
kaem der foar ús ek samar help oanwaeid.
Dit yn'e foarm fan in kloft Tsjerkwerter mannen,
dy't optrommele wiene om harren foar ús yn to spannen.
Alle Iemswâlders bringe oan jim yn dizze Skieppesturt
in waerm en wolmiend tankwurd.

R.Sp.

Stichting "It Waltahûs"

It ôfroune winterhealjier hat it stichtings-
bistjûr bisocht om de finansjele tastân to
forbetterjen.

It hat bliken dien, dat de resultaeten meager
bleaun binne. De dounsjoum fan it ôfroune wykein
wie in djiptepunt en de skathâlder moast nei
hûs om it negative saldo oan to passen.

Dit sil sûnder mis bitsjutte, dat dit meiens
ek de lêste aktiviteit fan it bistjûr west hat
op dit mêd.

It bistjûr sil him biriede moatte oer twa dingen:

a de ynwenners fan ús doarp steane net sympathyk
tsjûnoer it Waltahûs of

b de ynwenners fan ús doarp moatte neat fan
dounsjen ha.

Der wiene út ús doarp mei syn útbuorrens net mear
as 54 minsken oanwêzich. Wy sizze dy 54 tank, dat
sy der wiene en bydroegen ha ta in leefber doarp,
hwer't in doarpshûs in wichtich plak ynnimt,
tochten wy.

Groene Kruis e.o.

Zuster I.R. de Bos, Harlingerstr. 43, Bolsward,
tel. 4759 is te bereiken van half 1 tot half 2.

Zangfestival in de Ger. Kerk te Makkum

Woensdag 21 maart was er in de Ger. Kerk te Makkum, het Zangfestival.

Dit wordt elk jaar georganiseerd door de Federatie van Muziek- en Zangver. van Wonseradeel. In totaal zijn er 13 koren en 13 korpsen bij aangesloten.

Tjerkwerd mag zich gelukkig prijzen, dat hiervan 1 korps en 2 koren uit ons dorp komen.

De prestaties van de koren werden ditmaal beoordeeld door J. Veninga, zangpedagoog uit Leeuwarden.

Vorige jaren was het zo, dat we na afloop de jury-verslagen direkt mee konden nemen, maar dit jaar voor't eerst, zullen we een uitgebreider verslag later per post krijgen toegestuurd, waaruit we dan eventueel onze lering kunnen trekken.

Wel stond er een klein verslag in de Bolswarder Courant, waaruit bleek, dat "het Kerkkoor" een beetje aan de voorzichtige kant was, maar het jongerenkoor "Con Spirito" kreeg voor muzikaliteit een pluim.

Aan deze avond werkte verder mee de solist Harm Haagsma, bariton, die enkele Friese-en Russische liederen ten gehore bracht.

De avond werd besloten door een samenzang van alle aanwezige koren, o.l.v. onze dorpsgenoot Jan Blanksma, die dit op een voortreffelijke manier kan doen. Dit werd begeleid door koperkwartet en orgel.

Het hele programma werd opgenomen door de NCRV-radio, o.l.v. dhr. Kees Deenik. Wat hiervan eventueel uitgezonden zal worden in de Zondagavondzang, is ter beoordeling van de opnameleiding.

Al met al was het een geslaagde avond, en we hopen, dat Tjerkwerd nog lang vertegenwoordigd zal zijn met z'n korps en koren.

C.H.D.

SNYPSNAREN

- De Iemswâlders seure aloan om mar spul op 'e leane to krijen. Nou hâwwe se spul (snie) op 'e leane krigen en nou seure se al wêr! Nôu om it der wer ôf to krijen. Sommige minsken binne ek nea tofreden ! (út de mûle fan in Tsjerkwerter).
- Ids Schukken is syn lodde yn de snie kwyt rekke. Hwa hat him?
- Maeike Brandsma hat foar ús nei it Songfestival yn Jeruzalem west.
- Tsjerkwert hie noch net in swimbad. De foarsitter fan de sportforiening, Ids Schukken, hat der persoanlik hwat oan dien. Syn nije hûs giet net troch, hwant dêr is nou it swimbad.
- Te koop : Scharreleieren, te bevr. Kerkstraat 9.
- Germ en Gryt hawwe jonge piken. Sels útbret.
- it tal boatebisitters hat him yn ús doarp útwreide: Jehannes Dijkstra en Meinze Poelstra. Nei't wy heard hawwe sille beide hearen meidwaen oan de Round the World- race.
- in tip foar de folgjende winter : bij I.S. wie de wetterlieding biferzen. I.S. paste in hiele nije metoade fan ûnttaeijen ta. Hij pisse gewoan oer de lieding en de kraen roun wer!
- Peter, Jan Rinse en Joost hawwe in nije fyts krige. Sy kinne wol fytse, mar net ramje.
Dus: Jow se de romte !!!!!
- Jan de Jong, molkrider, forlear in tsjil fan de oanhangwein + in bus as 15 molke. Sa gong dat fan't winter. De iene geat de molke yn 'e groeppe, de oare op 'e dyk.
- Jousterp is omdoopt ta : Rattekleaster!
- hawwe Jo in klomp oer? Jo kinne brêgewipper wurde!
- in protte beamkes om it sportterrein hinne binne ôffretten troch de hazzen. Inkelde greatere ôfbrutsen troch ús Tsjerkwerter "leave" jeugd.
- hwa foun it earste ljipaei yn Tsjerkwert e.o. ?
Yn 1980 graech efkes melde !
- Juist !

[Handwritten signature]

